

Dy't himsels rêde kin, hoecht nimmen nei de eagen te sjen

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



'It is it moaiste fak dat der is'

Niels van der Wal makket mei in protte wille nije bakkersprodukten

pagina 3>



In moai plakje oan Hizzaarderleane

'Mei de beammen wiene we net sa bliid, we ha tsientûzen-den protters op besite hân'

pagina 5>



Voor ieder product een eigen verhaal

'Myn hiele libben meitsje ik bewuste keuzes. Dat draach ik mei dizze winkel ek út'

pagina 21>

Wêrom binne jo net boargerfrou?



Bern fan groep trije fan de kristlike basisskoalle It Fûnemint út Wommels lieten harren it moarnsbrochje by boargemaster Johanneke Liemburg fan Littenseradiel goed smeitsje. Tegearre mei wethâlder Marja Reijndorp ûntfong de boargemaster 23 bern yn de riedseal. Dat wie yn it ramt fan it Nacionaal Schoolontbijt. De bern hiene harren besite goed taret. Der wiene in protte fragen foar de boargemaster. Wêrom binne jo net boargerfrou, ha jo ek húsdieren en wat is jo lievelingskleur? Fansels wiene se ek nijsgjirrich nei de amtsketting. Daniël Veenstra woe wol efkes witte hoe't it fielt it ketting te dragen.

Mei in ferme hammerslach op wei nei jannewaris 2018

Wommels – Mei in ferme hammerslach, dy't miskien wol bûten it gemeentehûs te hearren west hat, joech boargemaster Johanneke Liemburg fan Littenseradiel op tongersdei 12 novimber oan dat de gemeenterie wol in hiel wichtich beslút naam hat.

Troch Hinne Bokma

De rie gong dy jûns nammentlik unanym akkoart mei it weryndielingsûntwerp en dêrmei waard it proses yn gong setten dat op 1 jannewaris 2018 in ein makket oan it bestean fan de gemeente Littenseradiel. De gemeente wurdt yn trije parten opsplitt.

Dat it om in wichtige gearkomst gong foar Littenseradiel wie oan de belangstelling op de publike tribune net te merkbiten. Mar twa besikers. Ek de thúsbliuwers hawwe der neat fan meikrigen, want troch in steuring wie de rie net live te folgjen. De hurde klap mei de hammer fan de boargemaster makke yn dit gefal in protte goed.

Net allinne yn Littenseradiel, mar ek yn de gemeenten Frjentsjerteradiel, Menameradiel, it Bildt, Ljouwert, Ljouwerteradiel en Súdwest-Fryslân is it weryndielingsûntwerp goedkard. It giet om in formeel beslút, dat de gemeenten de lapen gearsmite wie ommers

al earder ôfpraat. Yn de weryndieling is in wichtige rol welein foar Littenseradiel. Fyftjin doarpen (5546 ynwenners) geane oer de Súdwest-Fryslân, tsien doarpen (3444 ynwenners) wurde taheakke oan Ljouwert en de fjouwer doarpen Winsum, Spannum, Baaium en Wjelsryp meistsje fan 2018 ôf diel út fan Waadhoeke of Nij-Westergo, de nije namme wurdt op 16 desimber bekend.

It mei-inoar opslyppen fan de trije weryndielingen is unyk yn Nederlân. „Niet earder was er sprake van een constellatie waarin zeven gemeenten betrokken zijn, waarvan één gemeente zich opsplittet en zo drie (nieuwe) gemeenten

gevormd gaan worden”, stiet yn it weryndielingsûntwerp.

Kulturele identiteit

Yn de riedsgearkomst fan 12 novimber joech FNP-fraksjefoarsitter Welmoed van der Werf oan dat dizze partij noch altiten soargen hat oer it behâld fan de dochs wol bysûndere Fryske en kulturele identiteit fan Littenseradiel. De FNP stimde yn 2013 tsjin de weryndieling, mar gong no wol akkoart mei it weryndielingsontwerp. Ek de oare partijen diene dat. De fraksjefoarsitters hiene wol soargen oer de takomst fan it gemeentepersoneel. Fraksjefoarsitter Pim Astro fan SAM

Littenseradiel rôp it kolleezje fan B en W op ek yn dit opsicht de spil yn it proses te wêzen.

Fan 17 novimber ôf meie de ynwenners fan de gemeenten sjenswizen yntsjinje. Dêr ha se acht wiken de tiid foar. De sjenswizen wurde troch de gemeenten besjoen en mooglik ferwurke yn it ûntwerp dat yn april 2016 op in nij troch de rieden fêststeld wurdt. Ferfolgens giet it ûntwerp nei de provinsje en dêrnei nei de minister fan Ynlânske Saken. Twadde en Earste Keamer hawwe it lêste wurd. Op 22 novimber 2017 wurde der yn de sân gemeenten ferkiezings holden en yn jannewaris 2018 wurde de nije rieden ynstallearre.

Nu: Ieder 2e kledingstuk voor de halve prijs!

Tot ziens bij **Attie's** MODE EN SCHOENEN

Word gezond heel natuurlijk

Tsjerkebuoren 3
8831 XH Winsum
0517 34 24 03
0621 26 07 05

reflexie

info: www.reflexie.nl

STALLING

CARAVANS • BOTEN • AUTO'S • ETCETERA

25,- PER M²

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

Sinttip: Cadeaubon Stoelshiatsu

www.sinneflecht.nl
058 2894904

zaterdag **21 november** 22.00 uur

STAGELINE

5,- entree

www.itdielshus.nl

party- en activiteitscentrum **It Dielshûs** WOMMELS